

In beam moat earst
grut wêze foar't er
skaad jaan kin

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Tigers fan Greonterp

'Wy steane mei ien skonk yn de muzyk en mei ien skonk yn de literatuer.'

pagina 3>



Jubileum

Anke van Dijk fielt har al fjirtich jier thús by Drukkerij Van der Eems yn Easterein

pagina 19>



Camping De Finne

Foppe en Geke zijn geliefd bij de gasten. 'Foppe kinne je op skoat nimme en aaie.'

pagina 21>

Jelle de Boer nimt nei tritich jier ôfskie fan Natuurmonumenten 'Moarns as we wekker wurde, is it hjir allegearre herje'

Easterein - „Wy ha hjir krapoan tritich jier tusken de fûgels wurke en wenne. Moarns, as we wekker wurde, is it hjir allegearre herje. Al dy fûgellûden binne in ferriking fan it libben. It wurk wie myn libben.” Oan it wurd is Jelle de Boer út Easterein. Ferline wike freed hat er ôfskie naam as natuerbehearder fan de Vereniging Natuurmonumenten in Zuidwest Friesland. It prachtige plakje op it Skrok wurdt ferruile foar in nije wenning yn Wommels.

Troch Hinne Bokma

By syn ôfskie is it paad nei de fûgelsjochhut op Skrins by Easterlittens nei him neamd. Jelle mocht it buordsje mei de tekst 'Jelle de Boer Paad' ûntbleatsje. As natuerbehearder wie er tige belutsen by de realisasje fan de fûgelsjochhut op Skrins, lykas de hut op Skrok. „Ik bin der grutst op dat ik mei-helpen ha dat te realisearjen, dat minsken genietsje kinne fan de fûgels en it lânskip.”

Fûgellûd

Noch net sa lang lyn rûn Jelle de Boer tusken Easterlittens en Baard. It stimde him somber dat hy yn de omkriten gjin fûgellûd mear hearde. „Sels op âlderwetse stikjes lân, dêr't it wetter noch yn de greppels stie, wie gjin fûgel mear te bekenen. Gjinn skries en gjinn ljip.



Jelle de Boer by it begjin fan it paad nei de fûgelsjochhut op Skrins mei it nammebuordsje.

Ferskriklik spitich, dat giet my oan it hert”, sa fertelt Jelle. De kuier makket him ek dúdlik dat syn wurk as natuerbehearder yn de ôfrûne trichtich jier net om 'e nocht west hat. Yn de natuergebieten kinne de minsken wol

genietsje fan it lânskip. It binne blomrike lannen, grôtfol mei greidefûgels. „Dêr ha ik my altiten sterk foar makke.” Net eltsenien yn Fryslân is sa begien mei de fûgels en de natuer as Jelle. Hy mist yn Fryslân de

greidefûgelkultuer. „Dy greidefûgelkultuer is fuort. Minsken witte net mear hoe't in ljip of skries der útsjocht. De jongerein groeit net mear mei de fûgels op.” Mar ek by de oerheden en de ynstânsjes ûntbrekt it oan diekrêft om maatregels

te nimmen, dy't in fierdere weromgong fan de greidefûgels tsjin gean. De greidefûgels ha de lêste jierren in protte lêst fan predatoren lykas de foks, de swarte krie, de stienmurd, murd en de brúne rot. Der geane in protte aaien en pykjes ferlern. Jelle fynt dat der mear maatregels naam wurde moatte om de oerlêst fan de rôvers te ferminderjen. De jacht op de swarte krie kin neffens him wol yntensivearre wurde. „It wurk fan de jagers moat mear wurdearre wurde.”

Natuersubsydzje

It lânskip is ferskrale. Blommen binne der net mear. It binne foaral grutte perselen gerslân sûnder greppels. Guon boeren besykje yn harren bedriuwsfiering rekken te hâlden mei de fûgels en planten. Se komme sa yn oanmerking foar natuersubsydzje. Jelle betwifelt lykwols oft dat jild altiten wol goed bestege wurdt. „It komt no op plakken, dêr't it gjin sin hat. Troch plasdras komme der net mear fûgels by en útsteld meane smyt net in blom- en krûderyk lân op.” It jild kin neffens Jelle better stutsen wurde yn gebieten mei in goed natuerbehear. Jelle lit him troch de weromgong fan de fûgels net út it fjild slaan. „Wy smite de handoek net yn de ring. Mar ik hie tocht dat it makliker wêze soe om dingen te feroarjen. Dat is net slagge.”

Nij Baarderadiel: idee nieuwe weg zorgt voor veel onrust

Mantgum – De tien dorpen, die verenigd zijn onder de naam Nij Baarderadiel en straks overgaan naar Leeuwarden, roepen de gemeenteraden van Leeuwarden en Súdwest-Fryslân en de leden van Provinciale Staten van Fryslân op om niet verder te praten over een mogelijke aanleg van een nieuwe stroomweg langs de spoorlijn Sneek-Leeuwarden.

Het onderzoek moet zich volgens Nij Baarderadiel meer richten op verbeteren van de verkeersveiligheid van de huidige weg, de N354. Het plan van een nieuwe weg langs

de spoorlijn, een idee van burgemeester Hayo Apotheker van Súdwest-Fryslân, heeft geleid tot veel onrust onder de inwoners van de dorpen. De dorpsbelangen van Baard, Easterlittens, Hilaard, Húns-Leons, Jellum-Bears, Jorwert, Mantgum en Weidum geven aan dat hun bezorgdheid niet prematuur is. De dorpen hebben de indruk dat de plannen concreter zijn dat uit officiële bronnen en de media blijkt. Voor de dorpen komen de plannen voor de stroomweg als een onaangename verrassing op een ongelukkig moment. „Wij krijgen de indruk

dat de 'grote steden' ons plattelandsgebied al ingenomen hebben nog voordat we goed wel bij deze gemeenten zijn gevoegd.” De nieuwe weg doorsnijdt op een aantal plaatsen de bebouwde kom van de dorpen. Nij Baarderadiel geeft aan dat dit grote impact heeft op de leefbaarheid van deze dorpen. Maar ook voor de inwoners die iets verder weg wonen al de negatieve invloed op de landelijke omgeving en het woongenot groot zijn. Het geplande tracé loopt volgens de dorpsbelangen dwars door een open en landschappelijk waardevol gebied en vogelrijke

natuurgebieden loopt. „Vanwege compensatie voor het verlies van weidevogelgebied door aanleg van de Haak om Leeuwarden en woonwijk Techum is juist in dit gebied veel agrarisch grasland ingericht voor de opvang van de vogels die bij Leeuwarden zijn verdreven”, schrijft Nij Baarderadiel. Aanleg van de stroomweg betekent dat de vogels opnieuw worden verdreven. „Aanleg van een nieuwe weg door een oud en historisch waardevol landschap met rijke natuur zou eeuwig zonde zijn.” Het college van Gedeputeerde Staten praat half mei verder over de

N354. De CDA-fractie in de staten geeft al aan dat de mening van Nij Baarderadiel betrokken moet worden bij de discussie. De fractie mist in de discussie over de oplossing van de verkeersveiligheidsknelpunten op de N354 een onderzoek naar het verduurzamen van de mobiliteit. Het CDA haalt de SmartBus aan, een elektrische touringcar die rijdt over een geasfalteerde doelgroepstrook, gebouwd op de fundering van een bestaande spoorlijn. Ook wil de partij praten over uitbreiding van het openbaar vervoer tussen Sneek en Leeuwarden.

skilder nedich
www.skilder.nl
schilder nodig

DIVERSE
VOORJAARS-
AANBIEDINGEN
VERDEROP IN DEZE KRANT

uw WINKEL voor van alles en

KLEASTERDYK 46, WINSUM
TEL. 0517-341556

28 MEI 2017
GRIEDHOEKEKUIERTOCHT
5 KM. 15 KM. 25KM.

KOM NEI WOMMELS

JAARMARKT
11.00 U – 18.00 U
opgave en info
WWW.KOMNEIWOMMELS.NL

In deze Op 'e Skille
Speciale
Zwembadbijlage

BEWAAR
EXEMPLAAR

zwembad de klomp

Lytsedoarpen
Rintoertocht
25 / 40 km

Zaterdag 22-04-2017 in SPANNUM
www.lytsedoarpenrintoertocht.nl